

De Fryske Akademy is in multydisziplinêr ynstút foar de geastes- en sosjale wittenskippen, dat him rjochtet op de kâs Fryslân. De Akademy bestudearret prosessen yn it Frysk, meartaligens, skiednis en regionale identiteit yn no en it ferline. As sadanich docht de Fryske Akademy fûneminteel en fernijend ûndersyk mei in direkt maatskiplik nut. De Akademy leveret fernijende wittenskiplike prestaasjes en ûntwikkelet digitale ûndersyks-yndstruminten en kolleksjes, dêr 't er de Fryske kâs foar it regionale, lanlike en ynternasjonale fuotljocht bringt. Dêrby wurket er gear mei ferskate nasjonale en ynternasjonale ynstutten. De Fryske Akademy is liearre oan de Koninklijke Nederlandse Akademie van Wetenschappen (KNAW) te Amsterdam.

Ynterviewer

- Profyl** Dyn behearsking fan it Frysk en it Nederlânsk is op memmetaalnivo en do bist kommunikaasje feardich en represintatyf oerkommend. Do kinst sekuer wurkje, hast nocht om mei minsken te praten en kinst goed harkje.
- Omfang** Yn oerlis, net mear as 30 oeren yn 'e moanne oan 1 desimber 2019 ta.
- Lokaasje** 2-3 kear op de Fryske Akademy yn Ljouwert, fierders yn de omjouwing fan Grou, Jirnsum, Akkrum.

Taakomscriuwing

Do makkest diel út fan in team dat in database sprutsen Frysk en Nederlânsk yn de eardere gemeente Boarnsterhim ûndersiket.

Do makkest opnamen yn it Frysk en/of it Nederlânsk, makkest sels de ôfspraken, en giest nei de sprekkers ta. Do dochst dit yn oerlis mei de oare leden fan it team. De opnamen besteane út in enkête en in frij ynterview.

Do moast oer eigen ferfier beskikke.

Fergoeding

De frijwilligersfergoeding bedraacht maks. € 5,00 it oere mei in maksimum fan € 170,- de moanne. Neffens de regels fan de belestingsjinst.

Ynljochtingen en sollisitaasje

Ynformaasje oer de funksjeynhâld is te krijen by dr. Marjoleine Sloos, e-mail: msloos@fryske-akademy.nl. Oer de mail kinst dyn ynteresse oan har kenber meitsje. Webside www.fryske-akademy.nl.

De proseduere wurdt stilset wannear't wy de goede kandidaat fûn hawwe.